

## ***Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”***

### **Ynhald**

jan 2023

Oan ús kriteleden en freonen	2
Ledeberjochten	4
Ferlotting en tagongsprizen	4
Pro Rege, Yn ‘e keetring	6
De wurklist winterskoft 2022-2023	9
Frysk folksliet	10
Snie	11
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	12

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

## **Bêste kriteleden en freonen.**

Aldjiersdei 2022, noch inkele ûren en dan geane wy in nij jier yn. Dan sjogge wy efkes werom nei 2022. Wat hat it ús brocht. Lok , fertriet, blidens, it is alles ferline tiid.

Wy sjogge foarút nei 2023.

En út namme fan it bestjoer fan de Fryske Krite "Troch de Tael Forboun" ,winskje ik al ús leden, freonen, goekunde en advertearders in goed , bliid en sûn 2023 ta.

En mei der skaad oer jimme west hawwe yn it ôfrûne jier, de sinne komt grif werom en wint it fan it skaad.

Dochs tink ik ek efkes werom oan lang ferlyn, nei de âldjiersjûn op de pleats. Dan wie opbliuwe oan 12 oere ta in feest. Sjoele en oare spultsjes dwaan.

En dan om 12 oere nei it doarp ta en wille meitsje.

Mar net om de boel te fernielen. En we hiene ek gjin fjoerwurk.

En tinke oan 2022, wiene wy bliid , dat we wer moaie Fryske jûnen hâlde koene. Wat in moai kabaret mei Noordenbos en Ko: Gjin C te Heech.

Juster waard ik út myn skriuwwurk wei helle en sa is it no Nijjiersdei 2023.

En as jimme dit lêze is it alwer in pear dagen letter.

Wat is der in protte fjoerwurk de loft yngien yn de nijjier nacht.

Efter it finster moai om te sjen.

En sa bin ik mei myn ferhaaltsje dochts wer by nijjersdei oan lânne. Hawwe jimme ek genoaten fan Claudia de Brey. Hearre we op in hiel oare manier it "wel en wee "oer 2022 yn Cs-live.

It bestjoer fan de Krite noeget jimme út foar de twadde jûn op 21 jannewaris. Pro Rege út Holwert komt mei it fleurige stik 'Yn e Keetring'. Sa as wy fan harren wend binne, komme der wer hiel wat briefke setten oan te pas. Mar alles sil wol wer op syn / har poatsjes terjochte komme. En spylje kinne se .

We hoopje op in moaie jûn mei in protte Friezen om utens yn de seal.

Wat der op de lytse jûn, 17 febrewaris, komt fertel ik jimme op 21 jannewaris , hoopje ik.

De lêste jûn is op **freed** 24 maart mei it selskip "de Lytse Komeedzje "út Drachten, mei it stik: "Ik wol gjin oare mem!".

Sa binne we aardich slagge dit winterskoft.

It is wol in bytsje jammer, dat wy om 23 oere út de Huesmolen moatte.

Noch efkes gesellich nei sitte is der net mear by.

Mar sa rinne de dingen soms. En wy binne bliid , dat wy noch al tiid sa'n moaie lokaasje hawwe om ús jûnen te fieren.

Wy sjogge út nei jimme kommen de 23e jannewaris.

Tige folle groetnis ,Tiny Dijkstra de Vries

## ***Ledeberjochten***

Wy wolle Tine Bouwman Westra tank sizze foar it fersoargjen en ferstjoeren fan de kaarten.

Tine hat al tiid trou moaie kaarten stjoerd nei de leden yn fleur en by fertriet.

Tine tank foar dyn ynset foar ús krite. Wy winskje dy alle goeds.

It bestjoer.

## ***Ferlotting en tagongsprizen***

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

**Autoferfier:**

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel ([yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)).

**Lief en leed**

Lief en leed berjochten kin Jo trochjaan oan ien fan it bestjoer.



## **Pro Rege, Holwert spilet de klucht “Yn ‘e keetring”**

skreaun troch Ton Elsgeest  
oerset troch Abele Krist

### **Koarte ynhâld:**

De ryke famylje Laarmans hâld in grutte resepsje en hjir wurde ferskate begoedige en wichtige gasten ferwachte. Dérom wurdt der in keetringbedriuw ynhiert. Der is dizze kear in bedriuw oanlutsen dat soks noch nea by it ein hân hat. De ketteraar, Ed is in sjachelder en fan keetring hat hy gjin brea iten. Syn ienichste personielid, Fleur, sjocht in karriêre yn de keetring net sitten, leaver soe sy sjongeres wurde.

Paul Laarmans is in sakeman, hiel wat minsken binne op syn jild en macht út. Dat let him neat mar tsjin syn famylje kin hy gjin nee sizze. Hjir makket syn brutale, eigenwize soan Bas-Jan, tankber misbrûk fan. Syn frou, Debora, stelt hege easken oan alles

en eltsenien en lit har troch net ien fan `e wiis bringe. Allinnich har frijgeselle skoansuster Prescilla sit har yn `e wei. Prescilla wennet by de famylje yn, en sy is oanientriewei dwaande mei har úterlik, har klean en de manlju om har hinne. Debora is har mear as sêd.

Ed moat ek oan de hege easken fan de gastfrou foldwaan en sa komt der útwreiding fan it personiel yn de persoan fan Bertje. Hy is totaal net geskikt foar dit wurk. Rint de boel yn it hûndert of komt it dochs allegear noch goed?

### **Spilers:**

Ed – Willem Verbeek

Bas-Jan – Nico Bierma

Prescilla – Johanna van der Meij

Fleur – Elly Visser

Debora – Hillie Politiek

Paul – Jelle Aagtjes

Bertje – Dikkie van der Wal

### **Rezjy:**

Lucas de Blecourt

## **Grime:**

Agnes Waterval

## **Dekor:**

Anne Bron

Cathrinus van der Meij

## **Ljocht en lûd:**

Johannes Verbeek





***De wurklist foar 2022-2023 sjocht d'r sa út:***

21 jannewaris 2023	Toaniel fan Pro Rege mei "Yn 'e Keetring"
17 febrewaris 2023	lytse jûn : ???
<b>Freed</b> 24 maart 2023	Toaniel fan De lytse Komeedzje mei "Ik wol gjin oare mem!"



## **FRYSK FOLKSLIET**

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



## Snie

De stoarmwyn hoart om hûs en hear,  
de winter is op kommen,  
Der sjonge amper fûgels mear.  
Fertoarke lizze blommen  
mids blêdeguod yn weake grûn,  
it fee stiet mâl te bearen;  
sa gyngen de seizoenen rûn  
hiel stadich, net te kearen.

Dan op in moarntiid, leit der snie,  
de lûden klinke hoar,  
in lêste hokling balt.

Ik stean ferwûnd're bûtendoar  
omdat hast net te fetsjen wie  
hoe't dan de stilte falt.

Tsjits Peanstra

## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

- Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries  
Till.: 0227-501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)
- 2<sup>e</sup> Foarsitter: Douwe Hoekstra  
Till.: 0229-211749  
e-mail: [ddhoekstra@kpnmail.nl](mailto:ddhoekstra@kpnmail.nl)
- Ponghâlder en Lede- administraasje: Popke Slange  
Till.: 0229-234881  
e-mail: [p.slange@outlook.com](mailto:p.slange@outlook.com)
- Skriuwer: Jan Vogel  
Till.: 0229-234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)
- Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma  
Till.: 0229-237267  
e-mail: [dirkrenske@gmail.com](mailto:dirkrenske@gmail.com)
- Harmke Burggraaff – Adema  
Till.: 0229-238284  
e-mail: [harmke.burggraaff@quicknet.com](mailto:harmke.burggraaff@quicknet.com)
- Earelid: De hear Popke Slange .

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn